

Ensafh nr 3, 2018

Ynhâld

3 Redaksjoneel

5 Joël Huitema
o umlaut
Lykop

9 Geart Tigchelaar
Operaasje Proazapower

14 John Bosma
Proazaman

21 Ydwine van der Veen
Konsert

25 Klaas Rusticus
Sisrisa
Frysk Kredo

30 Margreet de Jong
Thús

31 John Reeder
Memmedei

32 Teije Brattinga
De wyn waait troch de beammen

33 Henk Nijp
nei it bal

Anne Feddema
Sulvergriene fûgel

Imke Hooijenga
De rol fan ynstitúsjes by de befoardering fan de Fryske literatuer

Geart Tigchelaar
De reis fan Skirnir

Jelma Knol
Ferskowende bylden

Hidde Boersma

'sst net gûle earst noch sa'ntes'

Geart Tigchelaar

'Fynsto dat ek?'

Bouke Slofstra

Apollonius en Bruinsma fertsjinje in goede redaksje

Redaksjoneel

Dit nûmer set útein mei twa bydragen fan Joël Huitema, dêr't *Ensafh* al faker wurk fan opnommen hat. Huitema besiket om yn syn literêr wurk it Súdwesthoeks Frysk dêr't er mei grut wurden is syn gerak te jaan. Literatuer is ek it plak foar sokke nijsgjirrige ynfalshoeken en eksperiminten. Dat dat in hiel gedoch is komt nei foaren yn it gedicht 'o-umlaut'. De twadde bydrage is in proazastik dat ek wat foarm en ynhâld oangiet eksperiminteel fan karakter is.

In pear jier lyn al wer hat *Ensafh* in opdracht fan de provinsje oannommen om in tal stikken te produsearjen oer de stân fan saken oangeande de Fryske literatuer, rjochte op benammen de ynfrastruktuer. Yn nûmer 2 fan dit jier stiene twa fan dy stikken (twa fraachpetearen dy't Hedwig Terpstra hâlden hat, it iene mei Jitske Kingma fan útjouwerij Elikser en it oare mei in tal (meiwurkers fan) boekhannelers. Yn dit nûmer is it artikel fan Imke Hooijenga oer de rol fan de ynstitúsjies opnommen.

Nêst de proazabydrage fan Joël Huitema litte ek de ferhalen fan Geart Tigchelaar, Klaas Rusticus en Ydwine van der Veen sjen hoe'n ferskaat oan proaza yn it Frysk skreaun wurdt. It ferhaal mei satiryske ynslach fan Geart Tigchelaar kinne sawol de leafhawwers fan proaza as poëzy har hert mei ophelje.

Fansels stiet der ek poëzy yn dit nûmer. Ja, dy dichters, wêr't dy mei komme kinne: 'en kjel sjonge de blêden in sankje' (Teije Brattinga), 'jou dat blomke mar oan dyn mem' (John Reeder), 'hakje it kroantsje fan de koerzjette' (Henk Nijp).

Dit nûmer telt moai wat besprekken. Jelma Knol hat har bûgd oer de debútroman *De koma-korrektor* fan Baukje Zijlstra: 'Wat Siemen Vonk wol of net meimakke yn Yndië, is sa njonkenlytsen it ferhaal fan in generaasje dy't wy net lang mear ûnder ús hawwe. Mar de morele fragen fan doe binne hjoed yn wêzen deselde. En de fraach hoe'tst de wierheid nei safolle jierren achterhelje kinst ek.' Hidde Boerma besprekt de dichtbondel *leech hert yn nij jek* fan Geart Tigchelaar: 'Faaks is dat ek de grûn fan in oar (frustrearjend) fenomeen dat sprekt út ferskate fan Tigchelaar syn gedichten: it fakuüm fan it individu, net te begripen en noait begrepen.' Bouke Slofstra lit syn ljocht skine oer wer in oersetting fan Klaas Bruinsma fan in wurk út klassike Grykske literatuer, *De tocht fan de argonauten*: 'Dit stik soe in lofprizing wêze kinne oer de oersetterskeunsten fan Klaas Bruinsma, mar ik ha der mei sin foar keazen om hjir mear de klam te lizzen op it lek en brek fan dizze útjefte. It is net dat ik Bruinsma de eare fan syn wurk net ta ha wol, krekt oarsom, mar der binne in pear strukturele problemen dy't om in besprek freegje.' Ja, en Geart Tigchelaar komt de lêzer dit hiele nûmer troch tsjin. Hy besprekt Lida Dykstra har nij boek *De weddenskip*, in werfertelling fan guon fan de mytologyske ferhalen út de Noarske *Edda* en de nije dichtbondel fan Tsead Bruinja, *hingje net alle klean op deselde kapstok / hang niet alle kleren aan dezelfde kapstok*.

Piter Boersma